

## **In ingel seit Maria ta**

1

In ingel seit Maria oan:  
Wês bliid, do krigest skielk in Soan,  
dy't Kening wurdt op Davids troan.  
No komt it ryk fan God deroan.

*refrein:*

God komt ús yn 'e mjitte:  
it Bern sil Jezus hjitte.  
Fan sûnden rêdt Hy Israel.  
Hy wurdt ek neamd: Immanuel.  
God is mei ús. Halleluja!

2

Maria seit: 'Hoe kin dat dan?  
Want Joazef is noch net myn man'.  
Mar 't berntsje dat se krije sil,  
it is in wûnder fan Gods wil.

*refrein*

3

Maria hat Gods boadskip heard  
en it bewarre yn har hert.  
Reewillich seit sy: Ik stean klear,  
hjr is de tsjinstfaam fan de Hear.

*refrein*

4

In ingel hat fan dit berjocht  
ek Joazef op 'e hichte brocht.  
Hy nimt Maria ta syn frou.  
Tegearre loovje se Gods trou.

*refrein*

5

God gie oan Joazef net foarby:  
út Davids hûs en stam wie hy.  
Sa wurdt de Heilân Davids Soan.  
Foar ivich sit Hy op de troan.

*refrein*

*tekst* Anka Brands – 'Een engel zegt Maria aan'  
*oersetting* David de Jong  
*meldij* Luit Doornbos